



# Strategysk beliedsplan 2015-2020



# Strategysk beliedsplan Fryske Akademy 2015-2020

## Ynhâldsopjefte

I	Opdracht en fyzje	2
II	Doelstellings	2
III	Undersyksaginda	4
IV	Digitale kolleksjes en ûndersyksynstruminten	8
V	Belied	10
VI	Organisaasje	13

## STRATEGYSK BELIEDSPAN FAN 'E FRYSCHE AKADEMY 2015-2020

### I. OPDRACHT EN FYZJE

#### Opdracht

Sûnt it oprjochtsjen fan it ynstitút yn 1938 set de Fryske Akademy har yn foar it fûneminteel en tapast wittenskiplik ûndersyk nei de Fryske taal, skiednis en kultuer. Nei goed 75 jier is dy opdracht, dy't de Fryske mienskip de Akademy by de oprjochting meijoech, noch jimmer liedend. It is de taak fan 'e ûndersikers om 'e dynamyk fan taal en fan sosjale en histoaryske prosessen te analysearjen. Dat dogge sy troch ûndersyk te dwaan nei de Fryske taal, meartaligens, taallearen en it ferline fan Fryslân. De Fryske Akademy makket it Frysktalich en histoarysk erfgoed tagonklik foar wittenskip en maatskippij en ûntwikkelet digitale ynstruminten en kolleksjes foar ynnovearjend ûndersyk. Troch langrinnende prosessen om taalfariaasje en -winnen, meartaligens, kulturele eigenens en identiteitsfoarming hinne te ferklearjen, ûntstiet in better begryp fan it ferskaat fan ynteraksjes tusken minsken yn in spesifike regionale kontekst. As oan 'e KNAW learre ynstitút bliuwt de Fryske Akademy fêst yn 'e regio ferankere en docht sy wat har kennis oanbelanget yn 'e mande mei gâns wittenskiplike ynstellings en maatskiplike partijen yn binnen- en bûtenlân.

#### Fyzje

De merktekens 'Frysk' en 'Fryslân' datearje út 'e klassike âldheid en binne sûnt allegeduerigen yn 'e swang bleaun. Sy binne in bûtenwenstich sterke *identity marker*, mar de betsjutting derfan is yn 'e rin fan 'e tiid bot feroare. De Fryske taal, kultuer en romte jilde yn it ûndersyk fan 'e Fryske Akademy as de wichtichste fariabelen fan krektneamde *marker*. Om't dy ûnderinoar in wikselwurking hawwe, moatte se yn gearhing bestudearre wurde. De provinsje Fryslân wurdt dêrby opfette as in natuerlik laboratoarium foar it ûndersyk nei taal, taallearen en identiteit. Omreden dat der taalferskaat yn 'e regio is, is it mooglik om komplisearre taalferoarings en opfettings oer taallearen fan tichtby en yn streekrocht kontakt mei de omjouwing te bestudearjen. It besef fan in mienskiplik ferline, it sjen kinnen fan withoe folle spoaren fan yngripen troch de minske yn it Fryske lânskip en 'e kontinuïteit yn ekonomyske oriïntaasjes, litte it ta om 'e neamde *identity markers* ek út dy ynfalshoeken wei neier te ûndersykjen.

### II. DOELSTELLINGS

De Fryske Akademy formulearret seis doelstellings foar it rinnende lustrum:

- Fuortsterkjen fan it unike karakter fan 'e Akademy
- Befoarderjen fan it wittenskiplik klimaat yn Fryslân
- Oparbeidzje mei oare geasteswittenskiplike KNAW-ynstituten
- Dwaan fan ûndersyk fan nasjonaal belang
- Fergrutsjen fan 'e ynternasjonale erkenning en útstrieling
- Warber wêze op it snijflak fan wittenskip en maatskippij

## Fuortsterkjen fan it unike karakter fan 'e Akademy

Foar de Frisistyk is de Fryske Akademy it wittenskiplik sintrum by útstek. Nearne oars yn binnen- of bûtenlân wurde de Fryske taal, kultuer en romte op sa'n systematyske wize bestudearre. It ûndersyk fan 'e Akademy is tastien op 'e dynamyk fan 'e Fryske taal, meartaligens, skiednis en regionale identiteit út in langetermynperspektyf wei besjoen. Dêr't dat kin, ferliket it ûndersyk fan 'e Akademy de Fryske kasus mei ûntjouwings op oare plakken. De kommende jierren wol de Fryske Akademy har liedende posysje op boppeneamde ûndersyksmêden fierder útbouwe.

## Befoarderjen fan it wittenskiplik klimaat yn Fryslân

As it ienige geastes- en sosjaalwittenskiplik ûndersyksynstitút yn 'e provinsje, hat de Fryske Akademy in kaairol yn it regionale wittenskiplike en kulturele fjild. De Akademy makket de Fryske kultuer en maatskippij sterker. Sy befoarderet it brûken en behâlden fan it Frysk as twadde rykstaal, stimulearret it Frysktalich ûnderwiis en makket it yn it Frysk skreaune erfgoed tagonklik. De Fryske Akademy befoarderet it wittenskiplik klimaat yn Fryslân troch har kennis oan 'e maatskippij beskikber te stellen.

## Oparbeidzje mei oare geasteswittenskiplike KNAW-ynstituten

De ûndersyksdomeinen fan 'e Akademy slute oan by dy fan oare geasteswittenskiplike KNAW-ynstituten (foaral by dy fan it takomstige kluster Huygens ING, IISG en Meertens). Tegearre mei it Meertens hat de Akademy Taalportaal opset en is sy anneks mei it ûntsluten fan 'e *Prize letters*. Mei it Huygens-ING wikselet de Akademy ekspertize út oer (digitale) tekstedysjes. Dat oparbeidzjen wurdt yntinsivearre. De Fryske Akademy wol ek neier belutsen wurde by de stjoergroepen fan programma's dy't harren útlizze op it fierder tapassen fan *e-humanities* (m.n. CATCH, CLARIAH). By it ynkoarten op 'e nij ynrochtsjen fan it Nederlânske ynstitutebestel set de Fryske Akademy yn op it fuortsetten fan 'e bân mei de KNAW.

## Ferrjochtsjen fan ûndersyk fan nasjonaal belang

De Fryske kasus is it útgangspunt fan it ûndersyksprogramma fan 'e Fryske Akademy. De Akademy hat in bysûndere ferantwurdlikens foar it behâlden fan en it ûndersyk nei de Fryske taal en fan har skriftlike en mûnlige fuortbringsels. It is dêrby it ienige plak dêr't programmatysk ûndersyk nei maatskiplike en kulturele ûntjouwings yn 'e Fryske maatskippij fan hjoed en yn it ferline dien wurdt. De Akademy hat op 'e mêden fan leksikografy, meartaligens, taallearen, ûnderwiis en skiednis gâns ekspertize. De ûndersyksútkomsten hawwe *impact* op it nasjonaal wittenskiplik debat yn 'e disciplines dy't neamd binne. Ynnovative ûndersyksynstruminten as HISGIS en Taalweb Frysk hawwe in foarbyldfunksje yn binnen- en bûtenlân. Mercator is in nasjonaal erkend kennisintrum op it mêd fan meartaligens en taallearen.

## Fergrutsjen fan 'e ynternasjonale erkenning en útstrieling

De Fryske Akademy profilearret har mei wittenskiplike bydragen yn a-tydskriften, yn *proceedings* fan toanoanjaande ynternasjonale kongressen, yn dissertaasjes en yn boeken fan foaroansteande útjouwers. Dêrnjonken ûntwikkelet it ynstitút spraakmeitsjende ûndersykshelpmiddels fan nasjonaal en ynternasjonaal belang foar histoarysk, leksikografysk

en taalkundich ûndersyk. De Fryske Akademy fersterket har ynternasjonale profyl troch strategyske alliânsjes te sluten mei regionale akademyske ynstellings op oare plakken yn Europa. Sa kin de Akademy (mei)tingje nei Europeeske ûndersykssubsydzjes.

### Warber op it snijflak fan wittenskip en maatskippij

De Fryske Akademy stiet mei har falorisearjend ûndersyk yn in lange tradysje. De organisaasje leveret wichtige bydragen oan 'e regionale en Europeeske beliedsfoarming oangeande taallearen en meartaligens. Mear as yn it ferline wurdt opdrachtûndersyk tasnien op 'e fûneminteel wittenskiplike ambysjes. Fierder ûntwikkelet de Fryske Akademy ûndersyksynstruminten dêr't kennis en falorisaasje op 'en nausten yn mei-inoar ferweve binne.

## III. UNDERSYKSAGINDA

### Taal yn tiid en romte

De Fryske Akademy hat as wichtichste ûndersyksynstitút foar de wittenskiplike stúdzje fan it Frysk de taak om sawol it Frysk dat hjoed de dei praat en skreaun wurdt as it âldere Frysk te *dokumintearjen* en te *ûntsluten* foar ûndersyk. Dêrfoar is it fan belang dat der talich ark ûntwikkele wurdt. It taalkundich ûndersyk kombinearret sawol diagroane mei syngroane wizen fan oanpakken en keppelet survey- en korpusûndersyk oan eksperiminteel ûndersyk. Benammen it lêste wurdt in nij wurkfjild fan 'e Akademy. Dêr wurdt allyksa in evaluative komponint by ynboud nei fariaasje yn it hjoeddeiske Frysk, dy't ûnderboud wurdt troch sawol in teoretyske as in normatyf-deskriptive komponint. De taalsurvey 2014-2017 belanget taalsosjologysk ûndersyk nei de stân fan it Frysk oan. In ekstra diminsje wurdt tafoege troch promoasjeûndersyk nei eardere taalsurveys yn Fryslân en oare krite oan dat ûndersyk te keppeljen, mei it doel om de nije survey fan in solide metodologyske grûnslach te foarsjen.

Yn dit ûndersyk nei *taalfariaasje*, *-feroaring* en *-ferskowing* yn it meartalige Fryske taallânskip wurde taalkarpatroanen en identiteitsaspekten keppele oan 'e linguistyske skaaimerken fan 'e taalfariëteiten sels, en soks op ûnderskate linguistyske nivo's. Op dy wize wurde de ûndersykslinen nei Fryske taal en meartaligens (taalkunde) en taalfitalens (sosjale wittenskippen), dy't fanâlds skaat wiene, byinoar brocht. De teoretyske doelstelling fan it ûndersyk is om 'e sosjo-geografyske, linguistyske en kognitive meganismen fan taalferoaring bleat te lizzen. Dêrby wurdt méi keazen foar in diagroanyske oanpak en wurdt de ûntjouwing fan it Frysk út foargeande iuwen bestudearre yn in sitewaasje fan yntinsyf taalkontakt mei it dominante Nederlânsk en 'e ûnderskate taalfariëteiten yn 'e regio. Wat it hjoeddeiske Frysk oanbelanget, wurdt it ûndersyk op 'en nausten ferbûn mei it eksperimintele ûndersyk nei taalwinning. Dêrnjonken soarget it foar in wittenskiplike beskriuwing fan it Frysk en it Nederlânsk sa't dat yn Fryslân praat wurdt. Dat wurk is fan grut belang foar it ûntwikkeljen fan it taleûnderwiis, neislachwurken en taaltechnologyske helpmiddels. De kommende jierren wurdt ekstra omtinken jûn oan ûndersyk nei de útspraak fan it Frysk. De fonetyske skaaimerken binne oan no ta nammentlik ûnderbeljochte bleaun. Mei it each op it feit dat it Frysk foaral in sterke posysje as sprutsen taal ynnimt, is dat in opmerklike lakune.

*Taalferwurking* is in nije, eksperimintele ûndersyksline by de Akademy. Dy stiet yn oanhâldende wikselwurking mei de boppeneamde tema's. Twa fragen tsjinje dêrby as útgongspunten:

- (1) Wat is de rol fan 'e ûnderskate talige komponinten (syntaksis, morfology, fonology, leksikon) by meartalige sprekkers fan nau oan inoar besibbe talen? Fryslân jout unike ûndersyksmooglikheden mei ferskate kombinaasjes fan 'e endogene fariëteiten fan it Frysk, Nederlânsk, Stedfrysk, Biltsk en Stellingwerfsk, en eksogene fariëteiten lykas Ingelsk en Dútsk. De idee fan it laboratoarium Fryslân komt hjir yn syn hiele hear en fear nei foaren. Dielfragen binne hoe't op yndividueel nivo dy talen inoar beynfloedzje, hokker konsekwinsjes oft dat hat foar it meartalige winningsproses, en yn hoefier't soks in ferklearring jout foar taalferoaring.
- (2) Hoe feroaret taal by en yn it yndividu sels? Undersocht wurde faktoaren lykas de imitaasjekapasiteit fan sprekkers, *saliency* fan skaaimerken, *overt-* en *covert-*prestiizje, artikulatoaryske kompleksens en 'e link tusken it yndividuele produksje- en persepsjesysteem.

### Taallearen en meartaligens yn Fryslân en Europa

It taalsosjologysk en sosjolingwistysk ûndersyk komme byinoar yn it Mercator Kennisintrum, in ûnderdiel fan 'e Fryske Akademy. De opdracht fan dat Mercator European Research Centre on Multilingualism and Language Learning (fierder Mercator) is it opdwaan, bestudearjen, fersprieden en tapassen fan kennis op it mêd fan taalwinning troch middel fan kulturele partisipaasje yn in meartalich fermidden. Al sûnt har ûntstean draacht de Akademy by oan it Fryske taalbelied en evaluearret it ynstitút de kwaliteit fan it Frysk- en meartalich ûnderwiis. Foar de heine takomst sil it omtinken ferskove nei ûndersyk nei de helberens en ymplemintaasje fan 'e trochgeande learline. Dêrom hellet Mercator de bannen mei besteande en nije Fryske partners, lykas Cédin, Noardlike Hegeskoalle Ljouwert en 'e provinsjale oerheid, oan. Ljouwert Kulturele Haadstêd 2018, mei as kearnstik it projekt *Lân fan taal*, dêr't in wichtige rol foar Mercator yn weilein is, sil de problematyk fan 'e Europeeske minderheidstalen ynternasjonaal oer de fuotljochten bringe.

Mercator hat yn Europa in kaairol by it ynventarisearjen en it fersprieden fan ekspertize op it mêd fan minderheidstalen en meartalich ûnderwiis. It kennisintrum skriuwt beliedsrapporten foar de Ried fan Europa en foar de Organisaasje foar Feiligens en Oparbeidzjen yn Europa (Nederlânske ôfkoarting: OVSE). Fierder arbeitet Mercator op mei it NPLD (Network to Promote Linguistic Diversity) en mei de FUEN (Federal Union of European Nationalities). Mercator jout dêrmei it ûndersyk nei de Fryske kasus in Europeesk ramt. It set dêrby yn op it foarmjen fan in regionaal ynformaasjeplatfoarm, organisearret ynternasjonale *seminars* en kongressen en makket ideeën oer de trochrinnende learline buorkundich.

De lêste tiid slacht Mercator de wjukken ek bûten Europa út. Yn Kanada en Sjina wurde netwerken opboud.

Mercator ferdiskontearret rinnend wittenskiplik ûndersyk nei sosjale media, taalwinning en meartaligens yn har maatskiplike taakstelling. It sintrum set fûneminteel en tapast ûndersyk op nei tema's as sosjale media en 'Open Educational Resources' (OER). It earste wurdt yn oparbeidzjen mei de Universiteit Maastricht útwurke. Op it amper oanmakke mêd fan minderheidstalen by ymmigrante- en gebeartetalen, wurdt ek nije ekspertize opboud.

Omreden fan it oanwinnende omtinken út 'e sakewrâld wei, leveret Mercator meikoarten alhielendal te pas makke wittenskiplik ûndersyk en fuortdalik te brûken kennis oer meartaligens en taalwinning.

### Romte en kultuer yn it ferline

Nau anneks mei it taalkundich ûndersyk is de spesjalisasje Aldfrysk. De Fryske Akademy hat in bysûndere ferantwurdlikens as it te rêden is om it feilich stellen fan dy dissipline foar de takomst. It omtinken giet sawol út nei it tagonklik meitsjen fan it unike Aldfryske tekstmateriaal as nei it ferankerjen fan it ûndersyk yn it ynternasjonale debat oangeande de âldgermanistyk. Dêrnjonken wurde de Nederdútske korpora yntegrearre yn 'e stúdzje fan it Aldfrysk, reden wêrom't Grinslân en Ostfriesland yn it ûndersyksgebiet opnommen wurde. Om't ek it oparbeidzjen mei Ingelske en Deenske ûndersikers yntinsivearre wurdt, kin it Aldfrysk rjocht neier bestudearre wurde yn 'e kontekst fan 'e iermidsiuwske Noardseekultuer. Op sa'n wize kin praat wurdt fan in útwreiding yn romte en tiid. In nije leat oan dizze ûndersyksline is it oparbeidzjen mei de argeology.

It ûndersyk nei it Aldfrysk is yn 't bysûnder rjochte op 'e stikmannich teksten dy't út it midsiuwske Grut-Fryslân oerlevere binne en it foar fierder ûndersyk konservearjen en tagonklik meitsjen fan dy teksten. Der binne twa ûndersykslinen:

1. *Tekst- en hânskriftradysjes fan it Westerlauwersk Aldfrysk rjocht*
2. *Aldfrysk rjocht yn komparatyf en kognityf perspektyf*

Line 1 belanget de fraach oan hoe't de fersprieding fan it Aldfrysk rjocht yn syn wurk gie. De earste stap bestiet út it dokumintearjen fan 'e tekstuele tradysjes en yntertekstualiteit. Soks makket it mooglik om 'e tekstuele ûntjouwing fan it begjin fan 'e hânskriftlike tradysje yn kaart te bringen. Dêr hearre ek ferskate (digitale) edysjeprojekten by, dy't de databank Aldfrysk fan ynhâld foarsjen sille (sjoch hjirûnder). De kommende jierren wurde as twadde stap de oerlevere Aldfryske hânskriften dy't noch net yn in moderne edysje foarhannen binne, noch útjûn. Yn it ramt fan dizze line wurdt in ûndersyksprojekt op priemmen set oer de ynfloed fan Romeinsk-Kanonyk rjocht op it letmidsiuwske Aldfryske rjocht.

De twadde line hat foar eagen om it Aldfrysk sa yngeand as 't mar kin komparatyf te ûndersykjen en dêrmei ynternasjonaal goed te presintearjen. Dizze line hat in sterke teoretyske oriïntaasje. It ynternasjonale netwurk 'Voices of Law', dat yn 2015 fan 'e ein gien is, is dêr in tige gaadlik platfoarm foar. It ûndersyk nei wearjild krijt in ferfolch yn 'e foarm fan in *edited volume*. In grut ferlykjend ûndersyk nei boeteregisters en dêryn foarkommende letselskea, wurdt taret.

Net allinne de Aldfryske teksten, mar ek de spoaren fan it yngripen troch de minske yn it Fryske lânskip, jouwe ynsjoch yn hoe't de Fryske maatskippij en 'e dêrmei annexse sosjale struktueren de iuwen troch yninoar sieten. Ut dy ynfalshoeke wei rjochtet it histoarysk ûndersyk har yn in *longue durée* perspektyf op 'e Fryske kasus. Krekt as yn it taalkundich ûndersyk, moat ek yn dit stik fan saken it regionale ferskaat yn Grut-Fryslân yn it ûndersyk ferdiskontearre wurde. Unyk is it gearspul fan faktoaren dy't yn Fryslân op inoar ynwurken: it yngripen troch de minske yn 'e natuerlike omjouwing, de ynterne dynamyk fan identiteitsfoarming, de konkurrinsje mei oanbuorjende befolkingsgroepen en mei nei lânhearlikens stribjende foarsten, it yntegrearjen yn in sintralistyske ienheidssteat en 'e



ferwevenens mei in globalisearjende ekonomy. Sokke *topoi* meitsje de Fryske skiednis ta in *anomaly*, in fariant op it algemien Europeeske patroan. Undersikers fan 'e Fryske Akademy bestudearje de Fryske skiednis om dy reden dêrom ek steefêst yn Europeesk perspektyf en dogge dat de kommende jierren neffens de folgjende linen:

- de spanning tusken Fryslân as polityk sintrum of as periphery fan gruttere ferbannen;
- manifestaasjes fan 'e Fryske Frijheid yn 'e iermoderne tiid;
- de yntegraasje fan Fryslân yn gruttere hannelsnetwurken en yn regionale klusters.

Der wurde twa metodologyske ynfalshoeken hantearre: oan 'e iene kant de ûntjouwing fan it **ynstitúsjoneel fermogen** en dus de wize dêr't minsken harren maatskippij op stal joegen, oan 'e oare kant de **kultuertransfers** of de wizen wêrop't kulturele ynfloeden fan bûtenôf op 'e maatskippij ynwurken en dy transformearren.

De ûndersyksline *besit, macht en romte (500-1500)* giet nei hoe't en wêrom't ferskowings yn lânbesit- en -gebrûk fan ynfloed wiene op 'e machtsferhâldings yn Fryslân. Undersyk nei de grutte feanûntginnings yn Súd-Fryslân en Noardwest-Oerisel oant 1400 hat as fraachstelling ynhoefier't de grutte fariaasje yn 'e ûntginnings net allinne troch fysysk-geografyske omstannichheden, mar ek troch de polityk-bestjoerlike konstellaasje beskaat waard. Dizze syktocht nei it ûntstean fan it hjoeddeistige kultuerlânskip smyt nij ljocht op 'e polityk-maatskiplike ferhâldings fan 'e tolfde en trettjinde iuw dy't harren manifestearje yn 'e idee fan 'e Fryske Frijheid.

Dêrnjonken hat de delsettingsskiednis fan iermidsiuwsk Westerlauwersk Fryslân fan fûneminteel belang west foar de lânskiplike ûntjouwing fan it gebiet. It oanlizzen fan terpen en diken wie beskiedend foar it delsettingspatroan. Ynterdissiplinêr argeologysk en histoarysk ûndersyk sil dat patroan systematysk yn kaart bringe en analysearje. Oanslutend dêrby is it ûndersyk nei it domein- en kleasterbesit. Fan likernôch 1100 ôf oant likernôch 1275 wûn it tal kleasters yn it gebiet tusken Fly en Iems op wûnderbaarlike wize oan. Yn in relatyf koart hoartsje tiid krigen dy, yn kompetysje mei inoar, grutte besittings. De liedende fraach is, hoe't de kleasters oan dy besittings kamen en hoe't se dy eksploitearren. Dêrnei komt de fraach op 't aljemint nei de ferklearjende wearde fan 'e kleasterekspânsje foar de spesifike Fryske besits- en maatskippijferhâldings yn 'e folle midsiuwen.

Yn it ûndersyk nei regionale identiteit spilet de idee fan 'e Fryske Frijheid in wichtige rol. Yn eardere jierren lei de klam yn it ûndersyk dêrnei op 'e midsiuwen en foaral op 'e wize dêr't de fetemaatskippij op trochwurke yn 'e Fryske politike kultuer. Nei it formeel ferdwinen fan 'e Fryske Frijheid yn 'e iere sechstjinde iuw, waard it oantinken dêroan ek kultivearre yn 'e foarmjouwing fan it polityk bestel en 'e yntellektuele kultuer. De ûndersyksline *Manifestaasjes fan 'e Fryske Frijheid yn 'e iermoderne tiid* giet dêr op yn. Fryske bestjoerders en gelearden ferwiisden yndertiid hieltyd wer nei de Fryske Frijheid. De typysk Fryske ynfolling fan it steedhâlderskip wie de grûnslach fan in eigen politike kultuer. Tsjin dy eftergrûn komt de fraach nei foaren nei de funksje fan it steedhâlderskip as amt en it steedhâlderlik hof as Frysk kultureel netwurk en machtsmiddel. Ut dy ynfalshoeke wei wurdt ek ûndersocht hoe't yntellektuelen, en dan benammen de lânshistoarjeskriuwers, dat frijheidskonsept fierder stal joegen. Op sa'n wize ûntstiet ynsjoch yn 'e antikwaryske beweging yn Fryslân en oer de Fryske nijskultuer, historiografy en iermoderne letterkunde.



Foar it eigentiidske tiidrek wurdt it idee fan Fryslân as *anomaly* hannen en fuotten jûn út 'e fraach nei regionale groei en krimp wei. Nij ûndersyk nei *regionaal-ekonomyske ûntjouwingspaden yn 'e njoggentjinde en tweintichste iuw* jout ynsjoch yn 'e ekonomyske fitalens fan 'e Fryske regio en 'e ûntjouwing fan yndustriële klusters. Troch it brûken fan kwantitative en kwalitative metoaden (dêrby mûnlinge skiednis) wurdt ynsjoch wûn yn it ferskaat fan regionale ekonomyske ûntjouwing en 'e beliedseffekten sûnt 1975. It ynsjoch dat op sa'n wize opdien is, draacht by oan it foarmjaan fan takomstich belied. Itselde mei ferwachte wurde fan it ûndersyk nei ekonomyske klusters, dat oars op 'en nausten gearhinget mei it foargeande tema. It projekt is rjochte op in komparative analyze yn oparbeidzjen mei de Frije Universiteit Amsterdam en 'e Technyske Universiteit Eindhoven. It Fryske part belanget de op yndustriële wize ynrjochte, kennisyntinsive suvelsektor oan. De produksje wie al ier ornearre foar de wrâldmerk. Yn 'e tweintichste iuw spile de sektor suksesfol yn op 'e feroare omstannichheden. Dit projekt rekonstruearret de fearkrêft fan 'e suvelsektor yn Fryslân en jout hânfetten foar it ûntwikkeljen fan nije strategyen. Op sa'n wize slút it oan op 'e doelstellings fan 'e op priemmen steande *hotspot Agriculture* fan 'e 11<sup>de</sup> fakulteit fan 'e Ryksuniversiteit Grins.

#### IV. DIGITALE KOLLEKSJES EN UNDERSYKSYNSTRUMINTEN

De Fryske Akademy leveret al in moai skoft wichtige bydragen oan 'e *e-Humanities* en digitalisearring fan wittenskiplijk ûndersyk. De kommende jierren wol de Akademy op in stikmannich fan dy mêden in liedende posysje opbouwe. Prioritêr dêrby is it ûntwikkeljen fan ark en databestannen dy't it diagroane ûndersyk nei histoaryske en talige ûntjouwings yn in feroarjende Fryske romte fasilitearje. Oparbeidzje mei de besteande fasiliteiten foar it Nederlânsk en oansluting by ynternasjonale standerts (CLARIN) kin it dêrby, lykas sein, net sûnder. Wichtichste aksjepunten binne: (i) it ûnderhâlden en ferrykjen fan Taalportaal en fan Taalweb Frysk; (ii) it útbouwen fan 'e taaldatabanken foar it Aldfrysk, Midfrysk en Nijfrysk; (iii) nije materiaalsamlings mei in monitorkorpus hjoeddeisk sprutsen en skreaun Frysk en oare fariëteiten dy't yn Fryslân praat wurde; (iv) it útwreidzjen oer hiel Nederlân en it útfieren fan *pilots* yn Flanders en Dútslân fan HISGIS.

#### HISGIS Nederlân

HISGIS is in histoarysk geografysk ynformaasjesysteem, dat basearre is op it digitalisearre perselebestân fan it âldste kadaster, út 1832. Troch de ynformaasje te keppeljen oan âlder boarnemateriaal is HISGIS in wichtich stik ark foar retrospektyf ûndersyk nei de wurding fan 'e rurale en urbane omjouwing. It is ek in útgongspunt foar ûndersyk nei de evolúsje fan hoe't de romte yn 'e njoggentjinde en tweintichste iuw ferdield wie. Krúsjaal by it bouwen fan dizze ynfrastuktuer is in krechte georeferinsje. De Fryske Akademy hat yn 'e rin fan 'e jierren in *best practice* ûntwikkele fan in iterative ynfier-mei-korreksje oan 'e hân fan al it referinsjemateriaal dat aktueel foarhannen wie.

Strategysk doel is, dat it HISGIS-ekspertizetiim yn 'e takomst partisipearje sil yn allerhanne akademyske ûndersyksprojekten dêr't GIS en Skiednis inoar moetsje. In oanrin yn dy 'nasjonaal ynfrastrukturele' rjochting is yn it lêste desennium al nommen mei it realisearjen

fan HISGIS foar de provinsjes Fryslân, Grinslân, (in part fan) Drinte, Utert en 'e stêden Amsterdam en Rotterdam. Addisjonele projekten steane op priemmen wat it oarepart fan Drinte, Gelderlân (op te leverjen yn 2017), it Hert fan Brabân en in pear Nederlânske stêden bûten de neamde gebieten (Den Bosch, Maastricht, Leien en Hoarn) oanbelanget. Ynternasjonaal is it it doel fan it folsleine HISGIS-programma om in foarbyldfunksje te krijen. Dat sil regionaal besocht wurde troch *pilot*-projekten te entamearjen foar ûnder mear Ostfriesland (Leer), it Emsland, Kleve en Belgysk Limboarch. De kommende jierren sille op kongressen yn 'e ynternasjonale histoaryske GIS-wrâld de fuortgong, oanpak, metoade en resultaten presintearre en yn besprek jûn wurde, dat grif ta oparbeidzjen yn nije projekten liede sil.

Yn HISGIS binne wittenskip en falorisaasje nau mei inoar ferweve. De tapassings foar histoarysy belangje it fisualisearjen fan eigendomsferhâldings, sosjale stratifikaasje, sosjale segregaasje, kriminaliteit, tsjerklike rjochting, gearstalling fan 'e húshâlding of stimgedrach oan. HISGIS kin grutte tsjinsten bewize oan 'e argeology, epidemiology, demografy, genealogy, sosjology of toerisme en monumintesoarch.

### Leksikografy online

It leksikografysk ûndersyk komt temjitte oan in maatskiplike taak fan nasjonaal belang, nammentlik it leverjen fan hânwurdboeken en taalhelpmiddels foar it Frysk. Dat giet yn 'e mande mei fûneminteel wittenskiplik ûndersyk, nammentlik it leksikografysk ûntsluten fan it Frysk en syn dialekten yn ferline, hjoed en takomst. De útkomsten dêrfan wurde tagonklik makke foar de taalkundige mienskip. In njonkentaak is it ûntsluten fan net-Fryske dialekten yn 'e provinsje Fryslân. Dêr't de oare Westgermaanske talen sawol kommersjele wurdboekútjouwers as wittenskiplike leksikografyske ynstituten of universiteitsôfdielings hawwe, hat it Frysk allinne de Akademy om alle taken op it stik fan 'e leksikografy fan it Frysk út te fieren.

Mei har leksikografysk ûndersyk leveret de Akademy in fûnemintele bydrage oan it ynstânhâlden fan 'e twadde rykstaal. It is ién fan 'e *unique selling points* fan 'e Fryske Akademy dy't yn 'e kommende jierren op in moderne wize oanpakt wurde sil. In oanset waard al levere mei it projekt Taalweb, dat behalven in foarkarslist foar it Frysk, in staveringshifker en in automatyske oersetapplikaasje, ek in *online* portaal oanbiedt fan digitalisearre en oaninoar keppele Fryske wurdboeken.

De kommende jierren sil de klam lizze op it meitsjen fan in nij Nederlânsk-Frysk *online* oersetwurdboek. It is in produksjewurdboek, dat de brûkers yn steat stelt om Fryske teksten yn it Standertfrysk te produsearjen. It projekt wol ek in bydrage leverje oan 'e praktyk fan 'e elektroanyske leksikografy. De ôfdieling is om dy reden ek fertsjinwurdige yn it COST-netwurk ENeL (2013-2017). De doelstelling dêrfan is it ûntwikkeljen fan in wittenskiplik wurdboekportaal foar alle Europeeske talen en it streamlynjen fan 'e moderne, elektroanyske leksikografy.

### Dokumintaasje en ûntsluting by de taalwittenskippen

De Fryske Akademy wol in wichtige ynternasjonale spiler op it mêd fan nije sammeltechniken fan spraak en tekst en 'e analyse fan grutte hoemannichten oan

taalynformaasje foar tuskenbeide-grutte minderheidstalen en bedrige talen wurde. De kommende jierren wurdt foaral omtinken jûn oan it fierder ûntwikkeljen en ûntsluten fan 'e databanken foar it Aldfrysk, Midfrysk en Nijfrysk, it oanlizzen fan in stratifisearre monitorkorpus foar it hjoeddeiske sprutsen Frysk (prioritêr) en Nederlânsk (yn in twadde faze) yn Fryslân en it oanlizzen fan in modern korpus skreaun Frysk. It oanlizzen en annotearjen (*POS-tagging*) fan in grutte databank Frysk en it yntegrearjen fan materiaal út dat korpus yn sawol de digitale ferzje fan it WFT as it nije *online* Nederlânsk-Fryske wurdboek is dan ek mear as winsklik. Fierder moat sein wurde, dat al oer it saneamde Midfrysk, dat yn wêzen ier-Nijfrysk is, yn in lemmatisearre korpus beskikt wurde kin en dat dat ek yn it WFT yntegrearre wurde kinne soe.

De taaldatabank skreaun Frysk sil oanfolle wurde mei in grut korpus sprutsen Frysk út it NWO-projekt *FAME* (Frisian Audio Mining Enterprise). Doel is it ûntsluten fan 2600 oeren Fryske en Nederlânske spraak fan Omrop Fryslân mei help fan automatyske transkripsje. Behalven de praktyske *audiomining*-tapassings is de databank in goede basis foar ûndersyk nei taalfariaasje, *code-switching*, formeel fersus it ynformeel brûken fan 'e taal, fonetyk en dialektology. Dêrneist leveret de databank wichtige frekwinsjeynformaasje foar eksperiminteel ûndersyk en ynformaasje dy't fan belang is foar de ûntjouwing fan 'e leksikografy.

It Taalportaal Nederlânsk/Frysk is in digitale, distribuearre boarne fan kennis oer de grammatikale eigenskippen fan it Nederlânsk en it Frysk dy't yn 2016 beskikber komt. It is de frucht fan in oparbeidzjen tusken it Meertens Instituut, de Universiteit Leien, de Fryske Akademy en it Instituut voor Nederlandse Lexicologie (Leien). It Taalportaal jout in byld fan 'e klankstruktuer, de wurdstruktuer en 'e sinsstruktuer fan beide talen. Foar in part is it al besteande kennis dy't yntegrearre wurdt en neffens yn 'e praktyk hifke metoades digitalisearre en tagonklike makke. It Taalportaal jout in sa folslein mooglik byld fan 'e tradisjoneel ûnderskate dielgebieten lûdlear, wurdlear en sinslear. Troch yntegraasje en dwersferwizings wurdt geregeldwei oer de skieding tusken de neamde dielgebieten hinne gien: in brûker dy't ynformaasje siket oer bygelyks transitive tiidwurden, sil maklik oan sawol syntaktyske, morfologyske as fonologyske ynformaasje komme kinne. It Taalportaal is ornearre foar de (ynternasjonale) taalkundige mienskip en foar nigethawwers oan it Frysk en lju út it ûnderwiis. It is in goed útgongspunt foar it skriuwen fan in mear praktysk oriïntearre grammatika fan it Frysk. By einsluten sil it de posysje en status fan it Frysk te'n goede komme en in ynstrumint yn 'e Fryske taalpolityk wêze kinne.

## V. BELIED

### Projektorganisaasje

De lêste jierren hat der in werskikking west yn 'e ôfdieling wittenskippen. De trije fakploegen makken plak foar in iepen projektorganisaasje, wêryn't by foarkar ûndersyk dien wurdt dat oer de grinzen fan 'e eardere fakploegen hinne giet. De projekten wurde oanstjoerd troch ferskillende projektlieders. De ûndersykstiims sille wat grutte, tiid fan bestean en gearstalling oanbelanget, fariearje. It ymplementearjen fan dizze iepen organisaasjefoarm sil de kommende jierren oan 'e hân fan *best practices* ôfstimd wurde. It doel is om it wurkjen yn

multydisziplinêre groepen fuort te sterkjen, it publisearjen yn tiims oan te moedigjen en in grutter part fan 'e wittenskiplike stêf by de akwisyse fan projekten te belûken, om sa mear ynkkomsten út 'e twadde en tredde jildstream te generearjen. De wittenskippers wurde op tydlike, mar folweardige kontrakten oansteld en kinne dêrnei by de Fryske Akademy of earne oars trochgroeie. De projektorganisaasje sil it makliker meitsje om oparbeidzje te kinnen mei oare universiteiten en kennisynstellings, trochdat eksterne ûndersikers yn 'e ûnderskate projekten behelle wurde kinne. De ôfdieling Algemiene Saken fasilitearret it keatling fan 'e wittenskiplike produksje; fan it projekt winnen ôf, fia it yn 'e rekken hâlden fan 'e tiidpaden en finansjele bestegings, oant it fersprieden fan 'e ûndersyksútkomsten.

### Ferrike ûndersykslinen

De kommende jierren wurdt stribbe nei yntegraasje fan oaninoar besibbe disciplines, mei it doel om besteande ûndersykslinen te ferrykjen en ynterdissiplinêr ûndersyk oan te moedigjen. Om dy reden is yn 2015 in detasjearringsoerienkomst mei de provinsje Fryslân sletten dy't foarsjocht yn in oanstelling fan 'e provinsjaal argeoloog by de Fryske Akademy. Soks begeunstiget it yntegrearjen fan benammen de midsiuwske skiednis en 'e histoaryske komponint fan it Aldfrysk mei argeologysk ûndersyk. It Mercator Kennisintrum wol oangeande har falorisearjend ûndersyk mear de kalm lizze op it ferbinen fan dat ûndersyk mei fûneminteel ûndersyk. Yn it fisitaasjerapport fan 2009 waard al wiisd op 'e needsaak ta it dwaan fan ûndersyk nei de Fryske literatuer yn it no en it ferline. De Fryske Akademy wol yn oparbeidzjen mei it Frysk Skriuwersboun en 'e RUG it Frysk letterkundich ûndersyk op 'en nij foarmjaan. Betingst is wol, dat it ûndersyk yn 'e stêf ynbêde wurdt. Natuerlik ferrin yn it personiel makket dat soks fan 2018 ôf kin.

### Promovendy en post-doks

De Fryske Akademy set aktyf yn op it winnen fan jonge promovendy fia NWO, de UCF en Europeeske jildstreamen. Yn it foargeande tiidrek binne likerôch tsien promovendy by de Fryske Akademy oansteld. It ynstitút hat har ta doel steld om alle jierren op syn minst twa promovendy of post-doks oan te lûken. It eigen fermogen wurdt oansprutsen om sieddersjild brûke te kinnen foar projektoanfragen en it ynheljen fan eksterne middels foar ûndersyk en ynfastruktuer.

### Bysûnder heechleararen

It tal heechleararen dat út namme fan 'e Fryske Akademy in bysûndere learstoel beset, wurdt ferhege oant op syn minst fiif. Op dy wize krije ûndersikers fan it ynstitút promoasjerjocht, fine se makliker oansluting by nasjonale en ynternasjonale ûndersyksprogramma's, kinne se ynskeakele wurde yn it universitêre *master*ûnderwiis en makliker promovendy oanlûke. It besteande oparbeidzjen mei Leien en 'e UvA wurdt fuortset en dêr't it kin útwreide. It festigjen fan in bysûndere learstoel Fryske taal en letterkunde mei spesjaal omtinken foar it Aldfrysk, past yn 'e earder neamde ambysje om it ûndersyk yn dat fakgebiet fierder fan in fêste grûnslach te foarsjen. Dêrnjonken wurdt stribbe nei beneamings yn Grins (skiednis) of yn 'e 11<sup>de</sup> fakulteit en yn Utert (eksperimintele sosjolingwistyk).

### Gastûndersikers

De Akademy moat in oantreklik pleisterplak wêze foar wittenskiplik ûndersikers fan bûtenôf. It winnen fan gastûndersikers út binnen- en bûtenlân sil dêrom yntinsivearre wurde. As doelstelling jildt, dat alle jierren op syn minst ien gastûndersiker in pear moanne syn wurkplak hat op 'e Fryske Akademy. Fierder wurde der plakken ynromme foar emearity, troch harren jierkontrakten as gastûndersiker mei spesifike ûndersykstaken en produksjeferplichtings oan te bieden. Dy emearity leverje yn oparbeidzjen mei stêfleden konkrete bydragen oan it wittenskiplik programma.

## Publikaasjes

It ynstitút profilearret har yn binnen- en bûtenlân troch in oanhâldende stream fan heechsteande publikaasjes. It is dêrby te rêden om in útbalansarre ferskaat fan a- en b-publikaasjes, *peer reviewed*-bydragen oan bondels, ynternetpublikaasjes, monografyen, dissertaasjes, populêr wittenskiplike bydragen, boarne-edysjes en rapporten. Wat de publikaasjes oanbelanget, jildt de al besteande noarm, dat elke wittenskipper op grûn fan 'e KNAW-noarm (0.8 FTE) op syn minst twa heechwaardige publikaasjes yn 't jier útbringe moat. Der wurdt wurke oan in sterker bewustwêzen wat it mienskiplik publisearjen mei *peers* oanbelanget en foar it pleatsen fan publikaasjes yn heech oanskreaune tydskriften. Allyksa wurdt better tasjoen op 'e *output*, troch projekten mear geregeld en stranger op 'e fuortgong te kontrolearjen.

## Digitale kolleksjes en ûndersyksynstruminten

De Fryske Akademy ynvestearret al in moai skoft yn it ûntwikkeljen fan elektroanyske databestannen en digitale ûndersyksynstruminten en leveret op sa'n wize wichtige bydragen oan 'e *e-Humanities* en it digitalisearjen fan wittenskiplik ûndersyk. De Fryske Akademy wol op mear mêden in liedende posysje opbouwe. It is datoangeande te rêden om it ferrykjen fan HISGIS en it útbouwen fan taaldatabanken foar it Aldfrysk, Midfrysk en Nijfrysk, út te wreidzjen mei korpora sprutsen Frysk. Fierder wurdt fersterke ynset op it ûntwikkeljen fan *online* wurdboeken. Besteande kolleksjes lykas Taalportaal en Taalweb wurde hieltyd wer oanpast oan 'e easken fan 'e tiid en krije in ynhâldlike *update*. By einsluten wurde ek digitale middels ynset om it gauris unike skreaune Frysk erfgoed tagonklik te meitsjen. It omtinken giet dêrby benammen út nei dy histoaryske en letterkundige boarnen dy't yn 'e âlde Nederlannen in unike posysje ynnimme. Foar it ûntwikkeljen en ûnderhâld wurdt it mei-inoar oparbeidzjen mei it bedriuwslibben socht.

## Open access

De Fryske Akademy omearmet *open acces*, oftewol de iepen en ûnbeheinde tagong ta har ûndersyksdata en eigen kolleksjes. It uniformearjen fan 'e metadatasets yn neifolgjen fan 'e CLARIN-rjochtlinen, fergruttet de tagonklikens fan 'e bestannen. Foar it opslaan fan databanken wurde unifoarme kritearia ûntwikkele. Dêrby sil oparbeidzjen socht wurde mei KNAW-ynstituten lykas Huygens-ING, Meertens en DANS. Yn dat ramt heakket de Fryske Akademy oan by it debat oer de ûntwikkeling fan in ienfoarmige ynternasjonale digitale ynfrastruktuer.

Yn 2016 wurdt begûn mei it opsetten fan digitale edysjes fan 'e tydskriften *It Beaken* en *De Vrije Fries*. Stribbe wurdt nei in konstruksje dêr't in fergees *online* beskikbere digitale

ynfrastruktuer by brûkt wurdt. Rekken hâldend mei it aktuele abonneebestân, sil yn 't earstoan ek in papierene ferzje op basis fan *printing on demand* útbrocht wurde.

## VI. ORGANISAASJE

### Management en oerlis

De Fryske Akademy hat in ienhadige direksje yn 'e persoan fan 'e direkteur-bestjoerder. Dy wurdt bystien troch in managementteam (MT), dat oars gjin as in advisearjend foech hat. It MT bestiet út seis leden, te witten twa senior-wittenskippers, it Haad Algemiene Saken, de P&O-adviseur en 'e projektlieder Mercator. Nije ideeën foar projekten en strategyen ûntstean út it geregelde oerlis mei alle wittenskiplike meiwurkers wei. Harren *input* wurdt meinommen yn in strategysk oerlis fan senior-wittenskippers en projektlieders. Sy jouwe oanrikkemandaasjes wat de wittenskiplike strategy en it selektearjen fan nije projekten oanbelanget. De finansjele ferantwurding fan 'e ôfsûnderlike projekten komt op 't aljemint yn in separaat *projektoerlis*. Alle projekten wurde ien kear yn 't fearnsjier ynhâldlik en finansjeel trochljochte.

### Bibleteek

Troch it redusearjen fan it flieroerflak yn 'e nijbou hat de Fryske Akademy allinne noch mar in hânbibleteek yn in iepen opstelling. Om dy reden is it oparbeidzjen mei Tresoar yntinsivearre: Tresoar hat in grut part fan 'e bibleteek oernommen. Oan it oparbeidzjen mei Tresoar leit in konvenant te'n grûnslach mei de betingst, dat dy ynstelling alle jierren in bedrach fan € 10.000,-- foar it oankeapjen fan boeken foar de Fryske Akademy reservearret. It oantugen wurdt taspijst op *online* tydskriften, elektroanyske boeken en digitale datakolleksjes, sûnder dêrby de akwisyse fan 'e needsaaklike papierene boeken en tydskriften út it each te ferliezen. De eigen papierene kolleksjes wurden digitalisearre. It ferbetterjen fan 'e tagonklikens fan digitalisearre bestannen m.h.f. Mendeley krijt spesjaal omtinken. De *repository* fan digitale databestannen fan it eigen wittenskiplik ûndersyk en fan digitale kolleksjes en *webportals* wurdt ferbettere. Yn gearspraak mei DANS en Tresoar wurde techniken foar opslach en *open access* hieltyd wer aktualisearre.

### ICT en webbehear

It foarmjen fan in folweardige ICT-ôfdieling, mei genôch programmear- en kontrôlekapasiteit, is ien fan 'e spearpunten yn it belied fan 'e kommende jierren. Nei it dien-wurk meitsjen mei projekten lykas Taalweb en Taalportaal, wurdt in hieltyd grutter beslach lein op it ûnderhâlden en *updaten* fan 'e besteande *portals*. De ICT-ynfrastruktuer moat ek oanslute by de nasjonale en ynternasjonale ambysjes fan HISGIS. Dêrnjonken ferget it ûntwikkeljen fan *online* wurdboeken ekstra langduorjende kapasiteit. De webside fan 'e Fryske Akademy wurdt hieltyd mear sawol in úthingboerd as in kommunikaasjemiddel en is tsjinne mei soarchfâldich ûnderhâld. It fuortsterkjen fan 'e ICT-kapasiteit mei 2 FTE is dêrom ien fan 'e grûnbetingsten foar oan 'e iene kant it modernisearjen fan it ynstitút en oan 'e oare kant it realisearjen fan ûndersyksprojekten mei in grutte digitalisearingskomponent. Ta



dat doel sille middels út 'e *lumpsum* frijmakke wurde. Allyksa sil de romte dy't ûntstiet troch it natuerlik ferrin ûnder it persoanlik foar de ICT-ôfdieling fan 'e Fryske Akademy brûkt wurde.

## Ynfrastruktuer

Tagelyk moat ek de hurdguod-ynfrastruktuer modernisearre wurde. Utgongspunt foar it ferbetterjen fan 'e ICT-ynfrastruktuer en it databehar is it rapport Van de Heuvel fan 05.06.2015. Frijwat fan 'e ûndersyksaktiviteiten fereaskje stabiliteit en kontinuïteit op lange termyn (produksje wurdboeken, taaldatabanken, korpora, taalsurvey). De Akademy wol dêrmei trochgean en longitudinaal wittenskiplik ûndersyk opsette dat net allinne op koarte termyn resultaten opleveret, mar troch it longitudinale aspekt op langere termyn in unike wittenskiplike mearwearde biedt. De Akademy moat ek ynspylje op wichtige feroarings yn it taalwittenskiplik ûndersyk. Om dy reden moat foars ynvestearre wurde yn 'e digitale ûndersyksynfrastruktuer, syngroane en diagroane taaldatabanken en yn moderne ekperimintele ûndersyksfasiliteiten.

## Personiel & organisaasje

len fan 'e aksinten fan it personielsbelied leit op it fierder ymplementearjen fan 'e nije organisaasjestruktuer. Bedriuwsprosessen wurde trochljochte mei it doel om mienskiplike doelen effektiver te realisearjen. Ferantwurdlikheden en foegen fan 'e projektlieders wurde op sa'n wize brûkt, dat se liede ta in effisjinte wurkwize en it eksplôrearjen fan nije wegen oanmoediget. Der wurdt stoerd op it reemeitsjen fan it persoanlik mei de kompetinsjes dy't passe by de doelstellingen fan 'e Akademy, it opsetten fan karriêreplanning en it begelieden fan tydlik persoanlik nei oar wurk. It winnen fan eksellint persoanlik is, tagelyk mei it stribjen nei in lykwichtige gearstalling fan persoanlik op alle nivo's, prioriteit. Dêrmei wurde de ferskillen yn âldens, slachtme en etnisiteit optimaal brûkt. It har talizzen fan 'e wittenskippers op it útdragen fan ûndersyk yn wikselwurking mei de mienskip en it prestearjen op ynternasjonaal nivo, krijt mear omtinken troch in skoallingsplan op te setten en útwikselingsmooglikheden te ferbetterjen. Promovendy krije gelegenheid om ûnderwiisfeardichheden te ûntwikkeljen en harren yntids te oriïntearjen op in baan earne oars. Yn 2015 waarden Resultaat- en Untwikkelpetearen (R&U) ynfierd, mei omtinken foar de optimale ynset fan persoanlik en kwaliteitsferbettering. Der wurdt ek wurke oan it ymplementearjen fan in heldere personielsplanning troch middel fan E-HRM, en yn 2016 sil in Risiko-ynventarisasje en -evaluaasje (RY&E) útfierd wurde. De Akademy wol arbeidsûngeskiktens tefoaren komme troch it wolbefinen fan 'e meiwurkers te stimulearjen en in akademysk klimaat te skeppen, dêr't meiwurkers inoar yn ynspirearje en motivearje yn in kultuer fan mienskiplikens en betrouwen. Yn har personielsbelied folget de Fryske Akademy de KNAW-rjochtlinen en brûkt dêrby maksimaal de fasiliteiten fan 'e KNAW.

## Kommunikaasje

It kommunikaasjebelied wurdt neffens de folgjende linen ûntwikkele: it fernijen fan 'e webside, ynterne kommunikaasje mei projektlieders, partisipearje yn netwurken en sosjale media, presintaasje fan ûndersyk yn 'e skreaune parse, ynterviews op radio en telefyzje. De webside wurdt it wichtichste kommunikaasjemiddel fan 'e Akademy mei de bûtenwrâld. De side wurdt yn 2015 en 2016 mei it each dêrop alhielendal fernijd en modernisearre, mei



omtinken foar it ûndersyk en wurk fan alle ûnderdielen fan 'e Akademy, de leden en wurkferbannen en -groepen ynbegrepen. Mei it ynfieren fan 'e projektstruktuer krije de projektlieders in dúdlike taak by it buorkundich meitsjen fan harren ûndersyk. De ynformaasjeútwikseling tusken de wittenskiplike en 'e kommunikaasjeôfdieling moat dêr op ôfstimd wurde. Dêrnjonken sil de kommunikaasjeôfdieling har taak as yntermediêr tusken wittenskip en publyk fierder ûntwikkelje en parse en media pro-aktyf oankomme. It omtinken ferskoot dêrtroch mear nei eksterne ynformaasjefoarsjenning en wittenskipskommunikaasje, mei it doel om 'e sichtberens fan 'e Fryske Akademy grutter te meitsjen. Troch elektroanyske en printe nijsbrieven en publikaasjes en opynystikken yn 'e kranten, sil it ûndersyk mei mear klam yn it omtinken fan 'e wittenskiplike mienskip en niget oan wittenskip hawwende oaren brocht wurde.

## Finânsjes

Utgangspunt foar it finansjeel belied foar de kommende jierren is it rapport De Kruif fan maaie 2014. Fierder folget de ôfdieling finânsjes yn 'e deistige praktyk de KNAW-rjochtlinen. Doel is om 'e kommende jierren de ôfstimming mei de KNAW te maksimalisearjen en troch better oparbeidzjen de effisjinsje te ferheegjen. De ôfdieling finânsjes sil de kommende jierren omfoarme wurde nei in bedriuwsburo, dêr't de plenning en it fuortgongsmonitoarjen fan 'e projekten en prosessen sintraal yn komt te stean. De ynformaasje út TimeTell en Oracle sil troch analyze ferwurke wurde ta foar it management brûkbere stjoerynformaasje. Dy ynformaasjefoarsjenning sil oanslute by de yn it strategysk beliedsplan formulearre SMART-doelstellings. Dêr sil ek de wittenskiplike *output* ûnderdiel fan wêze, mei dêryn opnommen de taakstelling fan 'e projektlieders en harren ûndersykstiims. De fokus fan 'e ôfdieling sil feroarje fan ferslachlizzing fan saken dy't al west hawwe nei it pro-aktyf oanjaan fan ûntjouwings.

## Sekretariaat

It sekretariaat hat in wichtige stypjende taak yn 'e projektorganisaasje; benammen foar de direksje, it managementtiim en 'e projektlieders. Mei it each op 'e nijbou wurdt de balybesetting útwreide. Tagelyk wurdt stribbe nei mear útwikselberens wat de taakferdieling tusken sekretariaat oan 'e ien kant en kommunikaasje, finansjele administraasje en P&U oan 'e oare kant oanbelanget. It doel is om mei in like grutte besetting de tanimmende wurklêst, dy't mei it oerstappen nei in projektorganisaasje anneks is, effisjint oer de ûnderskate ôfdielings te ferdielen. Om dy reden wurdt ynvestearre yn 'e automatisearing fan 'e ûnderskate administrative prosessen (ynterne stimpost, automatyske postregistraasje). It sekretariaat wurdt fierder fiergeand behelle by it organisearjen fan kongressen en sympoasia.